



# **REBOELJE YN DE ÂLDE JACHTHAVEN**

Blijspul trije bedriuwen

troch

**JOHAN E.G. RUITER**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.  
(Grimas Theatergrime verkoop)**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## **VOORWAARDEN**

Alle amateurverenigingen die het stuk: **REBOULJE YN DE ÂLDE JACHTHAVEN** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JOHAN E.G. RUITER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 2006 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet:** [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

**E-mail:** [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,**  
**Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.**  
**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **SPIELERS:**

JAN - Kantinebeheerde.

GERRIT - Boatsje eigener

KEES - ‘de fisker’ Stroper, rûch en mei in fette pet op.

PLOEGER - Ynspekteur. Sjofeltsjes oanklaaid.

HENNY - Wurkster

CORA - Gast.

WILLEMIEN - Gast.

BETSY - Direksje sekretariesse, in trutsje.

## **IT TOANIEL SJOCHT DER AS FOLGT ÚT:**

Tsjin de efterwan stiet in drankkast mei in doar der neist, nei de keuken. Links binne twa doaren, manlu en froulju toilet mei op eltse doar in teken, dat der ek in dûs is. Rjochts de yngang fan bûten ôf nei de kantine en in doar nei it efterhûs. Foar de drankkast stiet in bar yn U foarm, mei koarte earmen om romte te sparjen. Op de foargrûn in kafee taffeltsje mei twa of trije stuollen. Boppe de bar in grut boerd mei de tekst ‘It is goed binnen rinne yn in FEILIGE HAVEN’. Spiker yn de muorre mei deroan in pet, wer mei grutte letters “HAVENMASTER”. Op stiet. It gehiel is oanklaaid sa as jo dat yn in jachthaven ferwachtsje kinne.

## *EARSTE BEDRIUW*

Oan iene kant tapkast lêst Gerrit (yn overal) de krante, wylst oan de oare kant de kantinebaas Jan mei de stroper Kees sêft sit te praten.

Gerrit: No moatte jimme ris hearre, wat hjir no wer yn de krante stiet.

Kees: Kin nea folle bysunders wêze. de lêste tiid stiet er neat oars yn as falliseminten en drugs en sok wat hinne.

Jan: No, ik lês de strips dy der yn stean graach.

Gerrit: Ik sil dat jimme ris foarlêze, goed oplette hear. Hjir komt er. Doch jo foardiel mei Vim, trije helje, twa betelje.

Kees: En dat fynst do apart? Ik haw in kear lêzen ; trije helje en fjouwer betelje. Dat is nijs !

Gerrit: Do snapst der neat fan. It giet om de humor fan de tekst.

Jan: No, no ik fal hast fan de kruk fan it laitsjen.

Gerrit: Ik sil it oars foarlêze. Doch jo foardiel mei Vim...

Jan: No, ik fyn it goed.

Gerrit: Bin ik no sa goochem of binne jimme no sa stom?

Kees: Ik tink datst do sa stom bist, do kinst it ús net heal útlizze. Ik snap der teminsten gjin klo...gjin eh..sikkepit fan.

Gerrit: No, noch ien kear mei myn kommentaar derby.

Jan: Meie wy gjin kommentaar jaan, dan?

Gerrit: Hâldt dy no ris in kear stil, do bemuoial.

Jan: Al goed.

Gerrit: Leste kear. (*langsum*) Doch –jo-foardiel-mei-Vim. (*stilte, beide sitte mei de hân foar de mûle*) Soe dat net sear dwaan? (*hy wiist nei syn krús en seit*) Jo foardiel dwaan mei Vim. (*Jan en Kees brekke yn laitsjen út*)

kees: Ja, no snap ik it. En dan dogge se harren efterdiel wis mei in panne spûnske.

Jan: Die Kees. Jonge, do sitst krekt sa fol mei grapkes as in geit mei keutels. Do bist ek de ienichste, die sokwat betinke kin.

Gerrit: No, nee, soks stiet sawat eltse dei yn de krante. Lest hie ús winkelman ek san stunt. Doe stie der yn syn folderke: Het gaat van mond tot mond. Een diepvrieskip voor drie vijfennegentig. Jo mûle sil der doch oan fêst frieze. Net dan?

Jan: Do hast gelyk. As jo sa de krante lêze stean der soms nuvere dingen yn.

Kees: Mar ik bliuw der by, dat krante lêzen gjin pretsje is. It is ien en al ellinde en dan noch dy druksebuol derby. Ik haw 'm opsein. Ik sjoch allinne noch de Bolle en de bjoetie-vol, en hjoed neat en

moarn neat.

Jan: Hé? Dat programma kin ik net.

Kees: Myn buorfrou neamt it leau ik Minne tiden, kweade tiden of sa.

Jan: Allegearre rommel.

Kees: (*yn ienen omheech*) lústerje ris! Hjir stiet in stik yn de krante oer jachthavens. (*lést foar*) It giet net goed mei de jachthavens yn Nederlân, spesjaal Fryslân en Grinslân wurde neamt. Der sille dit jier ferskate jachthavens slúten wurde omdat hja net rindabel binne. In protte havens stean aan de râne fan in fallisemint en sille ferdwine. Inkele plakken wurde swier troffen sa as Lemmer, Heech, Paterswoldse mar, Lauwersmar...

Jan en Gerrit: Lauwersmar????? Welke dan?? Stiet dat der ek by??

Gerrit: Nee, hja skriuwe wol fan in oantal, mar nergens stiet by welke. Wat raar net? Want op de Lemmer binne der in stik of sân havens en hjir op it Lauwersmar seker ek wol seis. It sil doch seker die fan ús net wêze?

Jan: Ik kin it my net foarstelle dat it die fan ús is. Hja hawwe hjir ferline jier noch foar in kapitaal ferspikere en dat dogge jo net as it sa min giet. En dit jier wolle sy doch in nij toiletgebou delsette. Dan wurde dizze toiletten ek opknapt en de douches hjirre sille ferdwine.

Gerrit: Der hast wol gelyk oan. Tink mar oan it neie asfalt op it parkearplak, dat hat dochs op syn minst eh...eh...in protte koste.

Kees: (*neitinkend*) Mar... it kin ek sa wêze, dat min de boel opknapt hat om it sa geunstich te ferkeapjen? Ik bedoel mar, dat hearre jo dochs wol faker?

Jan: Ik wol it net leauwe, want dan hie ik der fêst wol ris wat fan heard. Ik soe der mar net oer yn sitte as ik jimme wie. (*Marie komt deryn, docht jas út en skelk foar*)

Marie: Moarn jongelju. Alwer betiid efter de kofje sjoch ik?

Kees: Ja famke, dy Jan fan dy woe ús noch neat oars yntaapje, mar no ast do der bist sit der miskien in lyts buorreltsje foar ús yn.

Marie: Nee jonkje, as de baas nee seit dan is it nee en dan stean ik fjouwerkant efter him.

Jan: Gerrit hat krekt yn de krante lêzen, dat dizze jachthaven miskien ticht giet.

Marie: Dan wol ik Gerrit hjir net mear yn de kantine hawwe. Ien dy mei sokke spoekferhalen oankomt. Ik moat der net oan tinke.

Jan: No, ik bin der net sa bang foar, foaral net nei dy grutte ferbouwing fan it ferline jier.

Gerrit: Nee, mar stel, dat se dat no doch dien hawwe om de boel te ferkeapjen?

Marie: Ferkeapje?? Nee, dat dogge hja net !! al..hoe wol?? Wist noch

wol Jan, dat hjir ferline jier in man west hat, die alles besjoen hat en fan alles en noch wat witte woe. Hoe alles hjir tagiet yn dizze jachthaven?

Jan: Do tinkst dochs net?? Och nee famke. Der leau ik neat fan. It is hjir dochs altyd goed gien? Nee hear, dat sil hjir net barre.

Marie: Jo kinne nea witte. (*tillefoan giet*)

Jan: Mei de Feilige Haven...Hé Bartels. Hoe is it mei dy kearel, alles goed?... Wat bedoele jo?...Nee, hjir is gjin kontrôle west... Hè? Hoe sjocht dy der út??? Nee beslist net sjoen ....No ja as er wol komt, dan hearst it fan my... Ja, dat is goed...Doch ik. Oan sjen. (*hinget op*)

Marie: Bartels? Hie hy nijs?

Jan: Nijs? No ja, it is mar hoe jo it besjogge. Hy frege of by ús ek in kontroleur west hie.

Marie: Ik ha gjin ien sjoen.

Jan: It is ek in bytsje geheimsinnich. It is in kontroleur, die der net útsjocht as in kontroleur.

Marie Hoe wist hy dan dat it in kontroleur wie?

Jan: Ja, hy hie him ek net sjoen. Hy hie it wer fan de kafeebaas út Scheemda.

Marie: Mar, dan komt hy hjir ek net. Dat is dochs bûten it rayon?

Gerrit: Se dogge de raarste dingen om fraude foar it Ijocht te krijen, fergis dy der net yn Marie

Kees: Krekt, dat kin jo wol sjen mei dy beltsjetrekkers fan de boufraude, dat liicht der net om.

Marie: Mar hoe seach dy fint der út dan?

Jan: Ja gewoan. In bytsje suterich en hy hie in kofferke by him.

Marie: Wy sille de eagen goed iepenhâlde. Ik leau hielendal net, dat dy lju hjir komme. mar.. (*op dat stuit giet de doar iepen en der komt in persoan binnen. Ja krekt suterich yn de klean en mei in kofferke by him. It hiele selskip is mei stommens stein en sjogge inoar oan. Marie komt as earste ta har súpe en stút*) eh... eh... mynhear.

Ploeger: Ek goeie. Is der ien ferstoarn of hawwe jimme neis in spoek sjoen? Jimme sjogge my sa ferbaasd oan. (*set kofferke del*)

Jan: No eh...Wy hiene it krekt oer ien en der lykje jo sprekend...eh net op. Ik bedoel wy ferwachten gjin minske.

Ploeger: Ja, dat kin je soms sa hawwe hé?

Marie: Wat kin ik foar jo dwaan, mynhear?

Ploeger: Mynhear??nee hear, neat gjin mynhear, hja neame my al jierren gewoan Ploeger. Moatte jimme ek mar dwaan.

Jan: Dat is goed eh Ploeger. Wat kin ik foar jo ynskinke?

Ploeger: Doch mar in skjinne buorrel.

Marie: Wy skinke moarns gjin drank.

Jan: (*grypt yn*) Ho even, Marie, dat hawwe wy krekt dochs wer ôfskaft. (*stjit har oan*) Wist noch wol, der haw wy it doch oer hân.

Marie: Der wit ik neat fan.

Jan: Eh....gean do no mar nei de keuken mei dyn gehaktballen fierder. (*drukt har keuken yn en tsjin Ploeger*) Och jo moasten ris witte hokke lekkere ballen hja meitsje kin. (*skinkt buorreletsje yn*) asjebbleaft in ynkammerke fan de saak.

Ploeger: No dat is net ferkeard. (*Kees en Gerrit dogge ek mei*)

Kees: Dat binne bekroande ballen Ploeger, jo fine se nearne lekkerder.

Gerrit: Wolle jo in lekker sigaarke? (*hâldt him in doaze foar, Ploeger nimt mei graachte*) Nim ek noch mar ien foar ûnderweis, as jo aanst wer fuort geane. (*Ploeger nimt ek de twadde*)

Ploeger: Dank jo wol, jimme binne hiel gol. Dat meitsje ek wol ris oars mei.

Jan: Oh ja, fertel der is wat fan.

Ploeger: No, se hawwe my wolris by de doar fuort skopt en gemien skelle dat minsken somstiden dogge. Mar ik jou der neat om en ik kom altyd wer werom. Ik lit my net samar fuort jeie. Nee, Ploegerke komt altyd werom. Ik lit net oer my rinne.

Kees: Toe Jan, jou die man san lekker gehaktbaltsje.

Jan: Ik tink net dat die al klear binne, Marie is noch mar krekt binnen.

Ploeger: Ik haw noch in fraach.

Jan: Sis it mar.

Gerrit: It moat al raar gean wolle as wy jo net helpe kinne.

Ploeger: Ik sykje eins ûnderdak foar in pear dagen. It moat fansels net te djoer wêze.

Gerrit: Jo wolle hjir in pear dagen bliuwe? Wer om dat dan?

Ploeger: Och, ik doch in bytsje ûnderyk.

Kees: Wat ûnderykje jo dan sa al?

Ploeger: Natuer en sa en de omkriten. Sa mar in bytsje omskarrelje.

Jan: Ja, wy kinne fansels net foar ûnderdak soargje. Wy hawwe gjin hotel akkomodaasje.

Ploeger: Hjir ek net yn de omkriten?

Gerrit: Nee, dat hawwe wy hjir net.

Kees: Ja, miskyn by mei yn de hutte.

Jan: Kees, jonge, dat kin dochs net. mynhear eh Ploeger kin dochs net by dy in de hutte op in striesek sliepe.

Ploeger: No, ja as ik mar ûnder dak bin. It is ommers mar foar in pear dagen.

Gerrit: Kees, jonge, dat kin net. Ploeger kin it beste in lyts hoteltsje

yn 'e stêd opsykje.

Ploeger: No ja, ik sil wol ris sjen. Mar in hûske hawwe jim hjir fêst wol? Ik moat efkes wat kwyt.

Jan: It soe net bêst wêze as wy dat net hieden. Stel je foar dat er kontrôle kaam. De twadde doar moatte jo hawwe. (*wiist*)

Ploeger: Ja, as jo kontrôle krije en jo hawwe gjin hûske, dan gean jo it skip yn (*giet ôf*)

Kees: Dat is him fêst, Jan. Sa as hy reagearre. As er it net is, fret ik myn pet op.

Jan: Dyn pet opfrette Kees? Dat is swiere kost.

Kees: Hy giet der yn mei kleppe en al.

Gerrit: Dan kinst him ek briede, sit genôch fet oan.

Kees: Jim hawwe it heard.

Gerrit: Wat soe er yn dat kofferke hawwe?

Jan: Jou my dat ding mar ris. (*Gerrit jout him it ding*) Kees, gean do ris by de doar stean te lústerjen oft er fan de pot komt. (*docht de koffer iepen*)

Gerrit: Wat sit der yn?

Jan: âlde klean en klean en ûnder yn sitte papieren. (*lêst*) Ynspeksjerapport en der ûnder? krekt sa... even sjen wat der op stiet.

Kees: Lústerje is Jan. Do kinst dy fint better mar ta plak bringe yn dat lytse keamerke fan dy yn it efterhûs, dan kinst sjen wat er allegearre útspoeket. As hy hjir yn de omkriten ûnderdak fynt, dan wist do net mear wer hy oeral sit en hy kin dan oeral...

Kees: Tink er om jonges, hy lûkt troch. Opromje dat spul. Hy komt der sa oan. (*sy romje it spul op, koffer ticht en werd wer delset*)

Jan: Do kinst wol ris gelyk hawwe, Gerrit.

Kees: Fêst en seker hat Gerrit gelyk, derom woe ik him ek by my yn de hutte hawwe. Mar dat koe ik dochs net sizze wer hy by wie. (*Ploeger komt wer op*) Woe it in bytsje slagje Ploeger? Moaie plee hé?

Gerrit: In bytsje netsjes Kees. Dat hiet fan hûske.

Jan: Sis Ploeger, ik haw my krekt wat betocht. Jo kinne hirre dochs wol oernachtsje. Jo kinne gebrûk meitsje fan in lyts keamerke yn it efterhûs.

Ploeger: Der bin ik goed my holpen. Wat giet dat kosten?

Jan: Och oer de priis wurde wy it wol iens.

Ploeger: (pakt kofferke op) No, dan sil ik earst de omkriten mar ris besjen.

Kees: Jo kinne dat kofferke wol stean litte, Ploeger. Hjir komme gjin dieven.

Ploeger: Nee, myn kofferke hâldt ik altyd by my. (*giet ôf, en de oaren stekke de koppen byinoar*)

Kees: Neffens my is dat in gehaaide bliksem.

Gerrit: Ja, dy moatte wy yn de watten lizze en in protte sân yn de eagen struie.

Jan: In nuver portret, der bin wy fuort net ôf. (*Marie komt binnen*)

Marie: Wat binne dat no wer foar rare oanslaggen? Wy hawwe dochs ôfpraat om foar de middei gjin drank te skinken?

Jan: Wês bliid dat wy dat al dien hawwe, famke. Dy man, dat is dy ynspekteur wer Bartels ús foar warskôge hat. Do moast aansen it lytse keamerke even opromje, dan kin er der sliepe.

Marie: Wat seist do der??? Moat dy fint hjir sliepe??? Wer is dat goed foar???

Gerrit: Ik sil dy fertelle werom Marie. As hy hjir slipt dan kinne wy him yn de gaten hâlde. En sjen wat er wol. Begrypst wol?

Marie: Nee, dat begryp ik net en ik wol it ek net begripe. It ienige wat ik net begryp is, werom jimme sa bang binne. Wy haw neat te ferbergjen. Alles is hjir yn oarder.

Jan: Doch no mar mei famke, ik tink dat it net ferkeard is him wat sjerp om de mûle te smarren.

Marie: Heale wizen, dat binne jimme (*giet ôf nei de keuken*)

Kees: Ja, ik gean der ek mar ris fan troch.

Jan: Nimst fan de wike noch wat dikke iel mei Kees?

Kees: Komt yn oarder. (*wol ôf gean. Henny komt deryn*) Och...No moast doch ris sjen wa der binnen komt? Myn grutte leafde. Myn moaiste blom. Wat sis ik? Myn blomstik.

Henny: (*laitsjend*) Do ûnnoazelsma, doch mar gewoan dan dochst gek genoch.

Kees: Lústerje ris famke, ik haw in pracht idee. As Jan no hjoed it wurk is docht, dan kinst du moai mei my út farren. Ik wit sokke moaie reidkragen. Der wol ik best mei dy hinne.

Henny: Yn dat lytse suterige boatsje fan dy tink. Ik wol net fersûpe.

Kees: Mar dan kin ik dy dochs moai rôde en dan..eh dan...giest mei my yn de grutte boat.

Henny: Grutte boat? Wat foar grutte boat?

Kees: De houliksboat fansels.

Henny: Ja de groeten hear. Ik haw de bûk fol fan kearels.

Kees: Hé.... der hast ús nea wat fan ferteld. Hoelang bist dan al yn ferwachting?

Henny: Hast do te folle dronken of sa?

Kees: Ek sûnder te drinken kin ik dronken wêze. As ik dy sjoch bin ik dronken fan gelok.

Henny: Meitsje no mar datst fuort komst (*giet ôf nei keuken*)

Kees: Wat is it dochs in beauty net? (*giet ek ôf*)

Gerrit: (*tsjin Jan*) Wat is it dochs in kletsmajoar.

Jan: Fersjoch dy net op him Gerrit. Hy docht him soms wol wat dom foar, mar ik tink, dat er byderhanter is as wy tinke

Gerrit: Soe kinne, mar fisk fange kin hy as de bête.

Jan: Dat is wier. As jo om iel freegje dan krije jo iel. Wolle jo snoekbears dan bringt hy jo snoekbears.

Gerrit: Ja der is hy goed yn, mar as jo in dikke hazze wolle, dan bringt er dy ek.

Jan: Ja der om sis ik ek fersjoch dy net op him. Sa makket hy sawat alles wat stikken is. Wat wy fuort smite makket hy wer as nij.

Gerrit: Wol frjemd, dat hy der sa haveloas by rint. Krekt of dat him neat skille ken.

Jan: Der komst nea efter.

Gerrit: Skink my mar ris in jonkje yn, Jan.

Jan: Foar de middei gjin drank Gerrit, dat wist do ek wol.

Gerrit: Ja, mar Ploeger hat der krekt ek ien hân.

Jan: Omdat wy net wisten hokker fleis wy yn de kûpe hiene.

Gerrit: Witst do dat dan wol fan my, Jan?

Jan: Dat witte jo dochs nea fan inoar. Mar regel is regel Gerrit, en der bliuwt it by. (*Ploeger komt wer binnen*)

Ploeger: No, ik moat sizze it sjocht der allegearre kreas út. Goed ûnderhâlden en sa.

Jan: Hawwe jo dêr bygelyks yntresse yn, ik bedoel ûnderhâldt en sa?

Gerrit: Jo binne sa belangstellend. Hawwe jo ferstân fan sokke dingen?

Ploeger: Dat net, mar it each foel der sa op.

Sis baas, doch my noch san lekker buorreltsje en nimme jimme der elk ek ien.

Jan: Foar ús is dat noch te betiid hear.

Gerrit: Nee hear, foar my net hear. Ik doch graach mei jo mei. Wol lekker sa foar it iten.

Ploeger: Krekt. Sa giet my dat ek altyd. Goed foar de fertarring.

Jan: (*knikt en skinkt mei tsjinsin trije yn en lit de flesse op de bar stean*) No proast dan mar, op jo sûnens.

Gerrit: En dat wy se noch lang lêste meie.

Ploeger: En op in lang libben foar de haven.

Gerrit: (*foarsichtich*) Hoe eh...bedoele jo? Sa'n jachthaven sprekt jo wol oan?

Ploeger: No nee, ik bin hjir tafallich belâne. Och ik haw yn sa'n protte dingen yntresse.

Myn âlde fak he?

Jan: Wat haw jo altyd dien, as ik freechje mei?

Ploeger: Och jo freechje mar in ein fuort, wat ik net kwyt wol fertel ik net.

Gerrit: Fansels net. Mar wat haw jo no altyd dien dan. Ik bedoel jo hiene it niis oer jo âlde fak.

Ploeger: Och, ik haw altyd wat op skippen omskarrele en op skipmakkerijen en sa. Ja, in minske moat wat dwaan om te oerlibjen. Mar ik haw noch in fraach oan Jan?

Jan: Sis it mar.

Ploeger: Ik woe my eins wat opfrisse, even lekker ûnder de dûs. Kin dat hjir ek?

Jan: Ja fansels. By de toiletten is ek in dûs mei waarm en kåld wetter.

Gerrit: En as jo se tagelyks iepen sette hawwe jo lekker waarm wetter.

Ploeger: Dan doch ik dat earst mar even. (*giet ôf nei de toiletten*)

Jan: En ik gean noch mar even nei dat keamerke. (*giet ôf*)

Gerrit: Dan skink ik my noch mar ien yn. (*skinkt him noch ien yn en set him oan 'e mûle, Marie komt binnen*)

Marie: Moast no ris sjen, sitte se dochs wer foar de middei te sûpen.

Ik snap jim net. Meitsje wy in ôfspraak en hja kinne harren der wer net oan hâlde.

Gerrit: Nee, it sit sa. Dizze is ús aanbean troch Ploeger en dan kin jo dochs net wegerje?

Marie: Jawis wol, mar jimme moatte wat steviger yn de skuon stean.

Wat hawwe jimme dochs mei dy fint?

Gerrit: Wy bin der wis fan, dat hy dy kontroleur is. Foaral omdat hy tige nijs gjirrich is nei de jachthaven.

Marie: Wat wol hy dan?

Gerrit: Dat witte wy noch net, mar der komme wy wol efter.

Marie: En wer is Jan bedarre?

Gerrit: Dy is even nei it keamerke.

Marie: Och heare ja, dat is wier ek. Dy moat ek noch klear. Stjoer Jan even nei my ta as er werom is, wolst? (*giet ôf*)

Gerrit: Komt goed famke. (*skinkt him noch ien yn, kipt him nei binnen, nimt noch ien. Jan komt op en sjocht it gleske omheech gean*)

Jan: Hiest do him noch net op?

Gerrit: Nee, ik bin in sunige drinker, dat wist wol. (*nijpt oan syn gleske*)

Jan: No net echt, meastal kipst him yn ien kear etferoer.

Gerrit: In minske docht net altyd alles it selde jonge, mar no gean ik earst mar ris nei moeder de vrou. (*kipt syn glês leech*) O ja, Marie frege nei dy. (*gean beide ôf. Ploeger komt op mei handoek en*

*waskspullen en ferdwynt yn it damestoilet. Henny en Marie komme op. Henny mei guod om skjin te meitsjen, amers, biezem en sa)*

Marie: No dan hast it hjoed makkelik. Even de bar oan de boppekant skjin en de dûs útbjinne en dan hast it al wer fertsjinne.

Henny: Haw ik ek ris innoflike dei.

Marie: Wolst hjoed jild barre of moarn mar alles yn ien kear?

Henny: Doch moarn mar, dan liket it noch wat mear.

Marie: Binne wy dan sa min fan beteljen?

Henny: Grapke.

Marie: No dan gean ik mei de gehakballen fierder, oars krij ik dêr wer praatsjes oer fan die kearels. (*Sy giet ôf. Henny nimt de boppekant fan de bar ôf en giet dan it damestoilet yn. It is even stil, mar dan klinkt der in heidens kabaal en geskreau. De doar flucht iepen en Ploeger draaft nei bûten yn syn bleate mei allinne in hânduk en in ûnnoazel grutte badmûtse op. Hy rint sykjend nei in skûlplak oer it toaniel en krûpt fuort efter de bar. Op dat momint komt Henny binnen mei in biezem yn de hân en sjocht om har hinne. Sy giet foarsichtich delbûkt nei de bar en wol langsum oer de bar sjen. Oan de oare kant komt Ploeger krekt langsum omheech. Henny jout in gjalp en falt flau. Ploeger makket dat er wer yn de dûs komt. Marie komt op mei Jan*)

Jan: Wat gebeurt hjir?

Marie: Neat ta sjen.

Jan: Dochs wol, Henny leit hjir foar de bar. Och heare, sy sil dochs net dea wêze?

Marie: Dat kin dochs net? Dat hat dy fint fansels dien.

Jan: Wa bedoelst? Dy Ploeger? (*Kees komt op*)

Kees: Wat in kabaal. Wat is hjir bard?

Marie: Hja hawwe Henny oanfallen en...

Kees: Wat?? (*bûcht him oer Henny hinne*) Nee, hja is bewusteleas. Jou ris in gleske jenever. (*Jan skinkt yn en jout it oan Kees, dy him yn ien kear efteroer slacht*) noch ien (*Kees krijt noch ien*)

Marie: He, wer is dat goed foar?

Kees: Ik moat my earst moed yndrinke, oars kin ik it net.

Marie: Wat kinst dan net?

Kees: Ik moat har mûle op mûle beäzemje en der is moed foar nedich. (*docht syn earm ûnder de holle fan Henny en sil begjinne. Op dat stuit docht Henny de eagen wer iepen*)

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**